


De Twirre



juny 2018



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 35e jiergong nr. 2: juny 2018. De Twirre is it fearnsjersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 augustus by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmiento 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn pj.hoogendoorn@planet.nl		074 - 277 7121
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	Remke van Marle remke44@gmail.com		0541 - 51 4781
	Joukje Eringa joukje.eringa@gmail.com		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@hotmail.nl		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 17,50 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 30 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres. Rekken-nûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 Freonen Fryske Kultuer.

Fyske siswizen út it Provinsjehûs yn Ljouwert

- It is mei sizzen net te dwaan.
- Wierheit boppe al.
- Dy't folle seit moat folle wier meitsje.

Belangrike data

Moandei 10 sept. Lêsgroepke 2

Tiisdei 11 sept. Lesgroepke 1

Tiisdei 18 sept. Kritereiske nei De Jouwer en omkriten. Start om 8.00 oere by Van der Valk yn Hengelo. Opjaan: gpvdveer@gmail.com Graach foar 1 july!

Okt/nov. Kritejûn.

Snein 18 nov. Fryske tsjerketsjinst, Johannestsjerke Tweekelo.

Simmer

De simmer is dit jier al goed úteinsetten mei ûngewoan waarme dagen yn april en maaie. Piet Paulusma ferwachtet dat de hiele simmer o sa waarm wurde sil, mar dat bliuwt ôfwachtsjen fansels.

It liket derop dat it kritereiske ek dit jier wer trochgean kin. Op de kritejûn yn april ha al hiel wat minsken har opjûn. Mar der kinne noch wol mear mei. Mear ynformaasje fierderop yn dit nûmer.

Mei Ljouwert/Fryslân Kulturele Haadstêd 2018, sille in soad minsken dit jier nei Fryslân reizgje. Yn dit nûmer in flink oantal evenminten dy't dizze simmer yn it heitelân plak fine.

In moaie simmer tawinske en oant sjen yn septimber!

It bestjoer

Famyljeberjochten

Op 3 maaie is ús kritelid Trijntje Schram - Siedsma stoarn yn de âldens fan 88 jier. Tryntsje en de man binne al lang aktyf lid fan ús krite. Se binne hast altyd oanwêzich op de kritejûnen. Yn de tachtiger jierren fan de foarige ieu wie Tryntsje njoggen jier lid fan it kritebestjoer en se foarme doe de redaksje fan de Twirre. Se fersoarge ek de Fryske Spreukekalinder yn dy tiid. Us meilibjen giet út nei har man Ruurd en de neiste famylje. Wy winskje har folle sterkte ta dit ferlies te ferwurkjen.

Op 28 maaie is Jansje Herder - van Vondel stoarn, hja wie 91 jier. Frou Herder hat jierren kontakpersoan foar de krite yn Hengelo west en brocht dêr de krantsjes rûn. Jansje en har man Jitze Herder wienen faak op ús kritejûnen. Wy winskje de famylje sterkte mei it ferlies.

Kritejûn op 7 april mei Noordenbos en Ko

Siebe Hiemstra, ús nije foarsitter, kin sa'n 60 minsken wolkom hjitte op dizze kritejûn. De Twirresjongers, ûnder lieding fan Hidde Walstra, sjonge twa bekende ferskes: "De Wâldsang" en "Te maaie", mei begelieding fan Thijs Schaap op syn akkordeon.

It selskip Noordenbos en Ko set mei faasje in prachtich ôfwikseljend programma op de planken. De fjouwer froulju sjonge en spylje mei nocht. Der komme wer in oantal moaie types foarby. Pianist Piter docht dêr sa no en dan ek oan mei. It tema fan dit programma is "Ferbining".

Underwerpen dy't oan bod komme binne û.o. de botoks, de kringloopwinkel, de goeie-doele froulju en it massaal gebrûk meitsjen fan de

mobylytsjes. Sa no en dan klinkt it bekende riedeltsje fan sa'n telefoan "Ik moat dit even opnimme hear!"

Hilarysk is it orkest fan minsken yn it âldereinhûs mei twa blokfluiten en in trommeltsje op de rollator. It earste nûmer nei it skoft, oer de Woksinees, is ek fermaaklik. In moaie fynst is it fers oer de "toetjes" troch ien fan de froulju, ferklaaid as sûkertaart. De humoristyske sketsen wurde ôfwiksele troch serieuze lieten. It lûd en de ferljochting binne profesioneel yn oarder. De ploech hat ús in fleurige Fryske jûn besoarge. By de ferlotting geane wer hiel wat minsken mei in aardich pryske nei hûs.

De opbringst fan de lêste Boeketafel wie 21,45 Euro. Ali Bonhof

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Peaske; jo kinne dan krekt de skelnammen by de doarpen te plak bringe, as je ek noch witte dat de einepiken by Easterlittens hearre en de eksters by Pitsersbierrum.

No krije jo hjir ûnder in listje fan de nammen fan fiif persoanen. As je de letters fan dy nammen wat yn in oare folchoarder sette, dan sjogge jo yn welk plak yn Fryslân se wenje. De earste letters fan dy plakken foarmje dan wer de namme fan in doarp yn de súd-west-hoeke.

Gre ter Pon wennet yn
Arno de Bal wennet yn
Tsjerk Dal wennet yn
Siebe Rismur wennet yn
Bert Tjals wennet yn

Eeke

Kritereiske op 18 septimber

Giet it oan? Jou jo op!! It Kritereiske stiet “pland” op tiisdei 18 septimber. Op de lêste kritejûn hat in flink oantal minsken har al opjûn, mar der kinne noch mear mei. We tinke dat it wer in aardich programma wurdt. Ek net-leden kinne mei.

Earst sille we nei it museum yn De Jouwer yn de eardere fabryksgebouwen fan Douwe Egberts. Neist kolleksjes op it mêd fan kofje, tee en tabak en it bertehûs van Egbert Douwes, herberget it museum û.o. in autentike Fryske klokmakkerij, wurkpleatsen fan in koper-slagger en in sulversmid en in topkolleksje Fryske klokken. Fansels wurdt ús yn it museumkafee in kop kofje of tee oanbean. Om it museum hinne leit in prachtige tún, mar it museum leit dochs midden yn it sintrum, achter de Midstraat. Dêr is ek it nostalgyske DE-winkeltsje. Nei it museumbesyk geane we oan board fan de rûnfearboat “Simmerwille”. Dize kear farre we yn in oar part fan Fryslân, in rûntsje yn de rjochting fan Langwar. Underweis kinne we genietsje fan in

Fryske kofjetafel en fan it moaie lânskip, om dêrnei wer foldien werom nei hûs te reizgjen.

Start is wer yn Hengelo bij Hotel van der Valk op 18 september om 8 oere. We reizgje wer mei in bus fan Richters Reisen út Nordhorn. We tinke omtrint 19 oere wer werom te wêzen yn Hengelo.

De kosten foar dizze dei sille sawat 55 euro wêze. Dit betreft de reiskosten, it iten en de yntreekosten. Wa’t in museumjierkaart hat kin dy meinimme (wurdt ferrekenne mei de reispriis).

Wa’t noch mei wol, kin him/har opjaan, leafst sa gau mooglik, mar graach foar 1 july, i.f.m. mei it reservearjen.

Tel: 074-2918564 of 0651990919

E-mail: gpydveer@gmail.com

□ Grieteke van der Veer

Simmer (Frâns Holwerda)

*Jou my de simmer, net
om de waarmte fan it terras
de koelte yn de kelder
it ljocht op de pleinen
it skaad ûnder de beammen*

*de strieljende sinne fan de dei
de heldere stjerren fan de nacht
de swittende liven. Mar
om dy iene koele hân.
Jou my de simmer!*

Ferslach fan de Friezedei op 14 april yn Ljouwert

Fanwegen it 95-jierrich bestean fan it Frysk Boun om Utens binne de Algemiene Gearkomste fan it Boun en de Friezedei dit kear yn Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018. Sa'n 230 Friezen om Utens binne hjoed ôfreizge om dêr te fergaderjen en it jubileumfeest mei te fieren.

It nije en ferboude Provinsjehûs oan de Twibaks-merk is in prachtich gebou. Om dat fan binnen te besjen is al in feest. Nei de ûntfangst mei kofje en oranjekoeke, oefenje sa'n 70 sjongers fan fjouwer kritekoaren de njoggen ferskes dy't middeis fertolke wurde sille.

De kritekoaren fan Swolle en Lelystêd binne mei it grutste oantal sjongers oanwêzich. Fan Boadegraven en ús Twirresjongers sjongt mar in lyts ploechje mei. Mar wat klinkt it moai yn dy romme hal en wat sjongt dat lekker mei sa'n protte minsken.

We lunsje yn it rom opsette restaurant fan it Provinsjehûs en we ha dêrnei noch even tiid om de âlde Steateseal te besjen dy't by de ferrijbou yntakt hâlden is. De seal is ûntwurpen yn 1891 - 1894. Yn de muorren binne grutte brânskildere ramen, makke troch it Roermondske atelier Nicolas. De skilderingen stelle de wapens foar fan de alve Fryske stêden, de tritich gritenijen en de trije goaën wêryn Fryslân yn de tiid fan Karel de Grutte ferdiel wie: Eastergoa, Westergoa en Sânwâlden. De wanden en de souder

hawwe ek skilderingen dy't ryk binne oan Fryske symbolyk. Op ien wand steane boppe-yn de trije Fryske sprekwurden dy't foaryn dit boekje ôfdrukt binne.

Wylst de sjongkoaren oan it oefenen wiene, is yn in oare seal fergadere troch it Boun.

Middeis is it feest ek yn dy seal. Foarsitter fan it Boun Jan Bijkerk út Lelystêd iepenet de middei. Dêrnei sjongt it grutte koar trije ferskes. Kommisaris fan de Kening Arno Brok, berne yn Súdholân en opgroeid yn Brabân, hâldt in moaie taspraak yn geef Frysk.

Der wurdt noch mear songen en by de tee is der wer oranjekoeke.

It Hymphampteater spilet in pear tapaslike sketskes en ek wer it hilaryske nûmer fan de "Happy singers" (mar dêr moatte je dan de gesichten by sjen) mei de ûnfersteanbere tekst en it refrein: Yo, yo, yo yo, yo!

It programma giet fierder mei in rûnrit troch de stêd mei in toeristetreintsje, rinnende nei de Blokhûspoarte of in fideopresintaasje yn it gebou. Ik sit, wol in bytsje krap, yn it treintsje. Tidens de rit troch

de stêd krije we fia earkes ynformaasje oer de gebouwen en bylden dêr't we lâns ride. Werom yn 'e seal, klinke noch De Wâldsang, it Aldershûs en It Heitelân.

It hat in moaie en lange Fryske dei west. In komplimint oan de tariedingskommisje dy't in hûd fol wurk hân hat om dizze dei sa goed ferinne te litten! □ Ali

Dumny en jild

De frou hie in pear hynders op har stikje lân rinnen. Doe't ik op besite kaam, begûn se dalikst oer de o sa djoere bistedokter. Har iene hynder hie siik west, mar knapte gelokkich wer op. We praten oer har bern, oer de tsjerke, oer it waar en ynienen frege se my: "Is dumny bang foar hynders?" "O nee," sei ik, "ús heit hie earder ek hynders, Fryske hynders." "Wolle jo my dan efkes helpe?" frege hja, "myn hynder moat in prip ha. Ik hâld him fêst, as jo him dan de prip jouwe yn 'e hals". Ik stuts him de spuit yn 'e hals, en drukte him hielendal leech. "Dat hawwe jo goed dien," sei hja. "Dat is dan fiif-en-njoggentig gûne!" sei ik. Mar ik haw it jild noch altyd net sjoen.

Letter kaam ik by in âld frou yn in aldereinhûs. We praten oer fan alles. Ynienen sei hja: "Ik woe altyd noch wat oan 'e tsjerke jaan, kin ik it jo miskien meijaan?" Ik sei: "Ja, fansels, dat dogge minsken wol mear, ik soargje dat it op it goeie plak komt." Hja joech my fiif-en-tweintich gûne. "Tankewol!" Fiif minuten letter sei hja: "Ik woe altyd noch wat oan 'e tsjerke jaan, kin ik it jo meijaan?" "Ja, fansels, dat dogge minsken wol mear..." Hja joech my wer fiif-en-tweintich gûne. Efkes letter sei hja: "Ik woe altyd noch wat oan 'e tsjerke jaan, kin ik it..." Ik bin dy middei mar wat langer bleaun, want it smiet genôch op! □ Siebe H. Hiemstra



Kulturele Haadstêd 2018 (1): yn Ljouwert

De Kulturele Haadstêd aktiviteiten binne no echt losbarst. It is yn de Ljouwerter Krante suver net by te hâlden; it hjir ûndersteande kaam ik oant no ta dêryn tsjin, mar it is perfoast net in kompleet oersicht. It measte gebeurt yn Ljouwert, tink ik en dêr begjin ik dan mar mei.

Lân fan taal. In projekt oer de mannichte fan talen en minderheidstalen; it begjint yn it nije gebou OBE, neamd nei de Fryske skriuwer en dichter Obe Postma (1868 - 1963) op it plein by de Aldehou. It rint út nei it projekt de **Taletún** yn de Prinsetún der flakby yn it rûne houten paviljoen **MeM**. Dit yn de foarm fan in grutte frouljusfiguer mei 2 hollen fanwege de twatalichheit. Ek is dêr de **Relaxerette**, in sweefmûne mei 12 hingmaten weryn je in ferhaal te hearren krije. Yn de fiver is der **lettersop**.

Yn it Frysk Museum is de **Escher-tentoanstelling** oer de wiskundige grafikus M.C. Escher (1898-1972), geboaren yn Ljouwert, mar hy hat der letter net in soad wer west. De ûntwikkeling as keunstner wurdt mei 80 printen en 20 tekeningen yn byld brocht. Yn de Kleine Kerkstraat hingje haakte “Escheriaanske” tekkens yn de etalazjes.

Yn it eartiidske Frysk Museum oan de Tweebaksmarkt, is de tentoanstelling **Places of Hope**. Dit giet oer de takomst; de feroaringen yn lânskippen, hoe't it yn 'e hûs wurde sil en yn in wenwyk. De tagong is hjir ferrees, sjoch op www.placesofhope.nl

Fan 16 oant en mei 19 augustus is der it **REUZEN-projekt**. Minskelike reuzen fan sa'n 10 meter heech rinne dan troch de stêd.

Op 'e **Aldehou** wurdt oant en mei july yn de wykeinen jûns in ferhaal yn de foarm fan in fideo-keunstwurk projekteard mei û.o. gedichten fan Tsjêbbe Hettinga.

Der komt in reuze-edysje fan it **Grut Frysk Diktee**. Op 21 juny op it plein by de Aldehou, yn de iepen loft en elk dy't him/har oanmeldt op www.fryskdiktee.nl mei meidwaan. Der is wol plak foar 1000 taffeltsjes.

De stêd is ek fersierd mei **keunst makke fan wylgetiennen**. Studinten fan KAF (Kunstacademie Friesland) ha 23 objekten makke. In grutte flecht of hoed, in tûzenpoat, in kowejaar, ensfh. kinne samar foar in ferrassing soargje as je troch de stêd rinne. De koepel fan de froegere Friesland Bank oan it Saailân is jûns in soarte fan **fjoertoer** mei blau ljocht.

Kulturele Haadstêd 2018 (2): bûten Ljouwert

Alle 11 stêden krigen in nije fontein, dy't yn'e rin fan maaie yn wurking kamen. De teatergroep De Paupers út **Warkum** hat der in parody op make yn de foarm fan in mobile "pauperfontein", ek wol de Jan Lul fontein neamd. Dizze is yn april iepen pisse en yn Warkum is doe ek noch in oantal keren in teaterstik op'e iisbaan spile, wer't de gek stutsen waard mei it hiele Kulturele Haadstêd gedoch.

Yn **Harns** komme fan 3 oant en mei 6 augustus de grutste sylskippen fan de wrâld foar de Tall Ship Races foar skippen langer as 60 meter; it Russyske skip Sedov is mar leafst 113 meter.

Yn it doarpke **Greonterp** kinne je de tiid wer belibje dat de skriuwer Gerard van 't Reve der wenne; dat wie fan 1964 oant 1971.

Yn **Grou** komt yn juny de musical Gabe Skroar mei as spiler û.o. Freark Smink. "Hâldt Gabe Skroar de Halbertsma-kikkerts yn de kroade?" Sjoch op www.gabeskroar.frl

Prachtige foarstellingen fan it selsskip Orkater ha west yn de grientekassen by **Seisbierrum**: Lost in the Greenhouse. It is bassearre op in - foar in part wier bard - tragysk ferhaal oer in Poalske gastarbeider.

Ferhalefertelster en teatermakster Baukje Fennema giet mei in trekker en wenwein tusken 14 april en 17 augustus by **de Waddenkust** del en makket 43 "performances" oer ferhalen dy't se ferline jier heard hat fan de bewenners dêr. Sjoch www.ithaka-theater.nl

Der is by **Koarnwertersân** in markant gebou kommen as in skûmkraach op de dyk: it Afsluitdijk Wadden Center. It biedt in totaalbelibbing fan it "Unesco Werelderfgoed Waddenzee" en de fiskmigraasje-rivier, wêrtroch de fisken frij-út fan sâlt nei swiet wetter swimme kinne en oarsom.

Foar it projekt De Grutste Haakte Tekken fan de Wrâld binne no al 7000 tekkens haakt. Dy wurde op 14 en 15 july útlein yn Park Vijversburg yn **Tytsjerk**; nei july wurde se ferdield oer ferskillende goeie doelen.

It **sjongende asfalt** op 'e dyk tusken Ljouwert en Stiens wie in miskleun; as je dêr mei de auto oer hinne rieden dan hearden je it Frysk folksliet.

De bewenners oan de dyk hiene der tefolle lêst fan; it is daliks wer fuort-helle. In djoer grapke: 80 tûzen euro!

□ Eeke de Boer

Eveneminten yn Fryslân simmer 2018

Skûtsjesilen SKS

- 4 augustus Grou (start)
- 6 augustus De Feanhoop
- 7 augustus Earnewâld
- 8 augustus Terherne
- 9 augustus Langwar
- 10 augustus Ealahuzen
- 11 augustus Starum
- 13 augustus Wâldsein
- 15 augustus De Lemmer I
- 16 augustus De Lemmer II
- 17 augustus Snits (finale)

Keatsen

- 14 july Straatkaatsen - Ljouwert
- 1 augustus PC - Frenstsjes (manlju)
- 8 augustus Freulepartij - Wommels
- 22 augustus PC - Weidum (froulju)

Fierljeppen

- 7 july Twakamp Hollân - Fryslân, Linschoten
- 28 july Nasjonale Fierljep Manifestaasje, It Heidenskip
- 8 augustus Fryslân Cup, Drylst
- 11 augustus Frysk Kampioenskip, Winsum
- 1 septimber Nederlâns Kampioenskip, Burgum

Wettersport algemien

- 3 - 12 augustus Snitswike
- 8 augustus Hurdsyldei Snits
- 20 - 21 july Fiskerijdagen Starum
- 19 aug - 1 sept Fiskerijdagen Harns
- 30 augustus Gondelfeart Balk
- 31 augustus Gondelfeart Aldeboarn
- 20 - 28 oktober Fiskerijdagen, Strontrace en Liereliet, Warkum

Oare eveneminten

Tsjerkepaad: Fan 7 july oant en mei 8 septimber binne alle wiken op sneon mear as 250 tsjerken yn Fryslân iepen fan 13.30 - 17.00 oere. Faak

Skûtsjesilen IFKS

- 18 augustus Hylpen
- 19 augustus Starum
- 20 augustus Heech
- 21 augustus Sleat
- 22 augustus Ychtenbrêge (rêstdei)
- 23 augustus Ychtenbrêge
- 24 augustus De Lemmer I
- 25 augustus De Lemmer II (finale)



steane frijwilligers klear om as gastfrou/gasthear wat te fertellen oer de skiednis fan de tsjerke.

15 - 16 juny Oerolfestival op Skylge

27 - 30 juny Heamieltdagen, Boalsert

3 - 6 augustus Feanhoopfestival

25 july Boerebrulloft, De Jouwer

25 - 29 july Ballonfeesten, De Jouwer

21 - 22 sept. Gondelfeart op tsjillen, Droegeham

24 sept. Jouster merke, De Jouwer

29 sept. Flaeijelfeest, Ald- en Nijhoarne

4 oktober Bolletongersdei, Boalsert

Iepenloftspullen

Easterwierrum: Berne iepenloftspul “Alice yn Wûnderlân”. It famke Alice mist hat kat en giet op syk..... 21 - 30 juny.

Bantegea: “Weispield”. Dreame oer de Tsjûkemar. Op de Marchjepôle, it grutste eilân yn de Tsjûkemar. 28 juny - 15 july.

Feankleaster: “Non-aktyf” wurdt spile troch it Masqueradetheater op 29 en 30 juny en 6 en 7 july oan de Brink yn Feankleaster en op 14 july op Skiermûntseach.

De Harkema: “De Oerbliuwers”, Teater de spitkeet 12 - 22 septimber.

Jorwert: “De famylje Bellier”. In Frânske filmkomeedzje mei muzyk, humor en drama. Yn de notaristún.

Opera Spanga: Yn it Verona fan West_Stellingwerf wurdt dit jier “Aïda” fan Verdi opfierd. Data: 24, 26, 28 en 31 july en 2, 4, 7, 9, 11 en 13 augustus.



De sykte

Fansels sei 'k dat ik him gjin fjouwerensantich jûn hie en dat it him net oan te sjen wie. Dy man hie fan my net oars ferwachte. Ik spruts nei syn hert. “En sa âld as ik bin, noch noait in drankje, poeier of wat dan ek mar fan dokter hân. Foar my hat er by ús noait oer de drompel west. Ienkear bin 'k nei in dokter gien. Dat wie doe't wy te Dokkum wennen. Wy hienen der noch gjin fearnsjier west, doe koe 'k nachts net sliepe. Gjin wink yn 'e eagen man. Dokter koe neat fine. Troch en troch sûn. Foar alle wissichheid mar nei in spesjalist. Dy hat fan alles mei my úthelle. Hy waard der koart om en sei: Wat dogge jo hjir. Jo binne sûner as ik en kinne wol hûndert wurde. Ik lei him de kaart út. Wel man, sei er, dan binne jo ûnwennich. Jo kinne net sliepe fan kleare ûnwennigens. Wat dogge jo ek yn Dokkum? Wy binne der hurd weigien. Klear wie 't. Ik sliepte wer as in roas. Dat hat de iennichste kear west dat ik by in dokter wie. Jo koe-ne it noch net iens in sykte neame.” □ Paulus Akkerman út: “Wat wie 't wat”

Skipswerf “De Hoop” yn Warkum

“1693, Juntien Reinders” stiet op it earste buordsje fan in lange rige oan de swartoptarre planken muorre fan Skipswerf De Hoop, neist de Warkumer seeslûs. Reinders wie de earste baas en oprjochter fan dizze werf, “*bequaam om gemeene schepen als koffen en kagente bouwen*”. Hy boude kofskippen, dêr't de Warkumers de Noard- en Eastsee mei befearen. Der wiene mear werven yn in it tierige Warkum. Se ferdwûnen allegear oant *De Hoop* yn 1892 op nij ta libben kaam troch Ulbe Zwolsman. Hy lei him ta op it bouwen fan fiskersskippen lykas blazers en aken. In soad fan syn opdrachtjouwers kamen fan Wieringen, dat yn dy

tiid noch in eilân wie. Folle fan de Wieringer aken binne dus eins Warkumer aken. Ulbe's soan Evert, dy't de werf letter oarnaam, hie mear belangstelling foar oare dingen. Hy liet de werf oer oan de boktuorren en houtwjirmen. Mar der kaam dochs noch rêding foar De Hoop. De ruïne dy't Zwolsman jr. achter litten hie is yn de santiiger jierren fan de foarige ieu restaureard en no hat Warkum de ienige kofskippeloads fan Fryslân. Hellingbaas Erick Mulder en syn mannen repareare dêr houten skippen en se meitsje ek meubels. As it hek iepen is bin jo altyd wolkom.

□ Annemarie Bergfeld: 200 Plekken die je echt gezien moet hebben in Friesland”

Nijs út Fryslân

Fryske skriuwer Joop Boomsma stoarn. Op 4 april is de Fryske skriuwer Joop Boomsma stoarn yn de âldens fan 72 jier. Boomsma wie in alsidich man. By it grutte publyk wie er benammen bekend fanwege syn misdiedromans en ferhalen. Hy levere ek bydragen oan tydskriften en kranten en hy publisearre dichtbondels. Dêrnjonken skreau er toanielstikken foar de jongerein. Boomsma kaam as earste Fryske skriuwer mei in weblog.

Wolf werom yn Fryslân. De wolf is werom yn Fryslân. Dat hat de provinsje befêstige op basis fan DNA-ûndersyk. It giet om it DNA fan in wolf dy't yn april by Boyl in pear skiep dea biten hat. De wolf waard letter sinjalaerre by Appelskea dat net fier fan Boyl ôf leit. Doe wie it net wis oft it om in wolf gie. Op mear plakken yn de provinsje tinke minsken dat se in wolf sjoen ha, lykas yn de Knipe. Dêr waarden ek meardere skiep oanfallen. It is foar it earst yn hûnderten jierren dat de wolf yn Fryslân werom is. De ôfrûne jierren waarden al wolven sjoen yn de provinsjes om Fryslân hinne. Dy kamen út Dútslân. Boyl leit himelsbreed 45 km fan Dútslân ôf.

Minderheidstalen. It boargerinijsjatyf foar minderheidstalen hat

mear as 1,2 miljoen hantekens ophelle. Dat hat de organisaasje bekend makke op in parsekonferinsje yn Denemarken. Neffens de Europeeske minderhede-organisaasje FUEN is dit it grutste minderheidsprojekt fan Europa. As de hantekens goedkard wurde moat it Europeesk Parlemint oer de minderheidstalen prate. Oant no ta is it noch mar fjouwer boargerinijsjativen slagge om mear as in miljoen hantekeningen te sammeljen.

Aksjeplan briedfûgels Waadsee. It aksjeplan foar de briedfûgels dat op 'e Waadseekonferinsje yn Ljouwert presentearre is moat it libben foar 21 fûgelsoarten yn it Waadgebiet ferbetterje. Fan de tolve miljoen fûgels dy't alle jierren koarter of langer yn it Waadgebiet ferbliuwe ha de measten it no dreech. Troch de stiging fan de seespegel spiele no elts jier nêsten fuort. It 50 miljoen kostjende aksjeplan moat soargje foar it werom bringen fan de dynamyk yn it gebiet. Dit bart troch it oanlizzen fan stodunen. Boppedat moat der mear briedgelegeheid komme foar de seefûgel en de stirns. Dat kin û.o. troch it oanlizzen fan eilantsjes dêr't de fûgels feilich binne foar predatoren. De Waadseekonferinsje wie op 18 en 19 maaie.

□ Boarne: Omrop Fryslân

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres


Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

It Doarp Raerd

Us kritelid Atze Keulen is yn april 80 jier wurden. Atze brocht syn jeugd troch yn Raerd. Fanwege syn jierdei wie hy mei frou Maaïke en de neiste famylje in dei werom yn dat doarp. Atze hie it fers “Het dorp”, bekend fan Wim Sonneveld, alris bewurke en oanpast op it doarp Raerd (Nederlânstalich). Op syn jierdeifeest waard hy troch syn soannen tasongen mei de Fryske ferzje fan dat lied.

- Opstjoerd troch Atze en Maaïke Keulen



It Doarp

Thús haw ik noch in aansichtkaart, mei tsjerk'en toer oan 't plein fan Raerd, in stik fan d'âlde pastorij; in streekje huzen, grut en lyts, op strjitt'in famke op de fyts, en yn de bocht der wennen wy.

Dit doarp, it wie ús lytse wrâld, in moaie miks fan jong en âld, mei rûnom stikken lân en wetter; 't skoalhûs fan ús wie al frij âld, en winters hiene we 't glûpend kald, it gas kaam jierren letter.

En jûns draafd' ik myn fêste rûte: it Kleaster en de Buorren om. Ik wie sabeare molkerider, en kaam mei bussen fol werom.

We hiene doe noch gjin TV, gjin iPhone, tablet of pc, we boarten 't leafste bûtendoar. By 't maitiid Ijeppe oer in sleat, en winters ride op d'Aldfeart, alhiel allinn' of mei elkoar.

It park, in hiel aparte wrâld, mei poarte en beammen, ieuwenâld, in grêft en singel deromhinne; hiel faak ek keatse op 't skoalplein, mar oan dat alles kaam in ein, myn "twadde fase" soe begjinne.

Fan moarns betiid nei Snits ta fytsje. Ek dizze jierren fleagen om. We ha dêrnei it doarp ferlitten, mar komme hjoed ien dei werom.

Resept

Shepherds Pie, in resept fan stealtsjes iten dat oerbleaun is.

It is eins gjin resept, want alles kin brûkt wurde, ôfhinklik fan wat der noch yn 'e hûs is. Hald rûchwei oan: 1/3 part ierappelpuree; 1/3 part fleis en 1/3 part griente.

Stealtsje ierappelpuree; stealtsje gear fleis (gehak, triedsjefleis of hin); stealtsje gear griente (woartel, beantsjes, sipel, prei); blikje tomatepuree; wat farske krûden (time, piterseelje, bizelok); handsjefol raspe tsiis.

Oven foarferwaarmje op 200 gr. Ming it fleis mei de griente en de farske krûden en meitsje it smeûich mei de tomatepuree. Dit giet it bêste troch alles even byinoar yn in panne waarm te meitsjen. Doch it mingsel oer yn in lichtsjes ynfette ovenskaal. Hielendal ôfdekke mei de ierappelpuree. Meitsje mei in foarke moai lytse toefkes dan sjocht it aanstens moai út. Bestruie mei in bytsje raspe tsiis en yn de oven yn 20 - 30 minuten goed hyt wurde litte mei in moai goudbrún koarstke.

Lekker mei frisse griene kropsla of in salade fan raspe woartel.

□ Oernommen út: "Het grote zónder pakjes en zakjes kookboek"

Tiden hawwe tiden

It hynder foar de meanmasine en de boer sitte: wat in foarútgong. De meanbalke hie in mes dat hinne en wer gie en it gêrs snijde. De beweging kaam fan it draaien fan de tsjillen, dêrom sit dêr profyl op. It gêrs strûpte ek wolris. Dan wie it "ho". De masine eferút triuwe, it gêrs út it mes peuterje, it al meande gêrs foar it mes wei harkje, en dan wer fierder. Swee foar swee. It wie betiden dreech mar hûndert kear better as it stik lân hielendal mei de seine meane.



Boekenijs

Hierbak, Sietse de Vries. Haadper-soan Sjerp Bak is ferslachjouwer by de krante. Syn oersichtlike libben wurdt op de kop setten as er per ûngelok twa minsken fan it libben berôvet. No stiet Bak foar in duvelsk dilemma; sels dea of in pear lytse boefkes út 'e wei romje om de grutte gangsters fan syn nekke te hâlden. Hy giet it hiermoardnerskip oan. *Priis: 17,50.*

De Koma-Korrektor, Baukje Zijlstra. Siemen Vonk hat yn Yndië in befel wegere en krige selstraf. Dochter Betty notearret alles wat har heit oer dy tiid kwyt wol. Hy hat net om prinsipiële redenen wegere, mar omdat er syn meardere net lije mocht. As Siemen yn in koma rekket wurdt it dreech om mear oan 'e weet te kommen. Syn soan fynt yn it moderne Indonesië suver gjin spoaren mear fan heit. Mei help fan in tsjinstmaat en ûndersyk yn argiven, komme de ferhalen dochts op gong. *Priis: 17,50.*

De 13de Asega, Harke Bremer en Jarich Hoekstra. In midsiuwske myte ferhellet fan kening Karel de Grutte dy't de Friezen der kear op kear op ferget har eigen rjocht fêst te lizzen. As se mar net fanwegen komme, stelt er tolve Fryske asega's, minsken dy't alles fan it Fryske rjocht witte, foar de kar: of dea of slaaf of mei har tolven yn in boat sûnder riemen, roer en seil de see op. De asega's kieze it lêste. As in wûnder ferskynt der in trettjinde asega oan board mei in gouden bile as roer. Yn "De 13de Asega" fynt studint Ruerd in fragmint út dy sêge op in stripe perkamint. Hy makket dêr op út dat de gouden bile gjin myte is, mar echt bestiet. En dat dy ferburgen is ûnder it tsjerkje fan Haskerdiken: it begjin fan in avontoer fan Yndia en Meksiko oant Oranjewâld. Krekt as by Dan Brown is de ynfloed fan de asega's oer de hiele wrâld fertûke. *Priis: 15,00.*

□ Ali Bonhof, mei tank oan Eeke de Boer

Twaddehâns Fryske Boeken. Ali krige gauris wat Fryske boeken. Se ferkocht se dan by de boeketafel. Se is no mei de boeketafel opholden en doe tocht ik: lit de minsken dy't de boekekast oprêde wolle, de Fryske boeken mar nei my ta bringe. Ik wol de minsken fan de twa lêsgroepkes dy't ik lied, graach op dy manier oan it lêzen hâlde. Dus: ha je boeken oer: pak de tillefoan en belje 0546-850970 of stjoer in mailsje nei kpdeboer@planet.nl; dan sil ik sjen oft se foar de lêsgroepkes geskikt binne. Eeke de Boer

Witte jo dat

- By Hylpen, ticht by it spoar, in stjelppeats op syn kop boud wurdt, dus mei de nok op'e grûn? Hy hjit: Lân Skip. It idee is fan teatermakker Pieter Stellingwerf, mar it is net in nij idee; rûnom yn'e wrâld skine der wol foarbylden fan gebouwen op'e kop te wêzen. (Ha jo se ea sjoen?)
- Friezen wol op 20 ferskillende manieren prate as se it oer de ierappel ha, it algemiene ingrediënt fan ús waarm iten? Ierpel, earpel, jirpel, jerappel, rjappel, ensfh. Elke streek hat syn eigen wurd.
- It initiatyf-wetsfoarstel om it Frysk yn'e Grûnwet fêst te lizzen nei 25 jier "striid" troch minister Ollongren dochs wer yn'lutsen is?
- In grut doarp dat te lyts wie foar stedsrjochten "Vlecke" neamd waard? De Jouwer is sa'n Vlecke. It is fan âlds in sammelplak fan fakmanskip. En dat wie yn De Jouwer ek sa. Der wiene in klokmakker, skipmakers, in koperslagger, in printer en sulver- en goudsmiden. En fansels de ferneamde kofje-, tee- en tabakfabryk.
- Gedichten fan Obe Postma (1868 - 1963) koartlyn yn it Ingelsk oersetten binne yn in bondel "*Selected Poems*". Hy is tegearre mei Tsjebbe Hettinga ien fan de twa Fryske dichters dy't nasjonale bekendheid krigen ha.
- Mear as 90.000 besikers yn it Frysk Museum west ha foar de tentoanstelling oer Mata Hari? Dat is wol folle minder as by de útstalling oer de skilder Alma Tadema yn 2016.
- Der in plan is om Fryslân, Grins en Drinte "leech" te meitsjen? Ekonome Helen Mees hie yn De Volkskrant in artikel, se wol alle noarderlingen nei de de Rânestêd bringe. Dêr is wurk, dynamyk en takomst. De trije provinsjes wurde dan ien grut agrarysk gebiet.
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De lêste kear hienen wy in foto út'e Wâlden. Hendrik Tel wist wêr't it wie, hy skreau ús. "Dizze foto is opnommen fan de twadde slûs yn Jobbegea op de grins nei Nije Berkeap. Wy hawwe yn Jobbegea wenne en toch hie ik it net sa gau troch. It is it slûswachtershûs mei brêge. Dit is tagelyks ek de taalgrins. It wetter dat hjir rint is de rivier de Tsjonger, yn it Drints de Kuunder. It is yn de tiid fan de turf kanalisearre, sadwaande de slûs. De Tsjonger wie oant 1504 ek de Fryske lânsgrins, de Stellingwerven hearden by Drinte, mar Drinte wie sa earm, dat de Stellingwerven woeden leaver by it rikere Fryslân, mar it Frysk ha sy net oernaam."

fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

